

Tsjil

Tema: op 'e planken

Toi toi toi

Gouden Gurbes

De perfekte profylfoto

Bastiaan op de toanielskoalle

Ynhâld

5

Kom fierder 3

Gedicht 4

Sjoch my 5

LinKke side 6

Gouden Gurbes 7

Tsjilpost 8-9

Koart ferhaal 10-11

Tsjille fragen 12-13

Tsjek it out 14

Oer de grins 15

Efkes foarstelle 18

Puzelside 19

Jelte, Morris & Jamilla 20

7



18



Kolofon

Tsjil is in tydskrift foar bern fan de boppebou fan 'e basisskoalle

Einredaksje tydskrift Tsjil:
Tjitske van Akker, Cedin

Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra

Tekstkorreksjes:
Tsjomme Dijkstra

Foto foarkant:
Jacob van Essen, Hoge Noorden

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten

☎ 088 0200 300
✉ tsjil@cedin.nl
🌐 www.cedinonderwijs.nl/tsjil
ISSN: 1389-348X

Abonnemintsprizen 2022-2023:
Tsjil is fergees oan te freegjen fia
www.taalplan.frl/oanmelde

It tydskrift wurdt acht kear yn it jier
as klassepakket útjûn.

Abonneminten op Tsjil binne
troch rinnende abonneminten.
Opsizzen fan it abonnemint kin foar
1 juny fan it rinnende skoaljier.

TAALPLAN
FRYSK 2030

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn
de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op
alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's.
Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking
fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk,
NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko,
SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Kom fierder

Op 'e planken

Hoi allegearre, hjir is alwer in nije Tsjil! Dizze kear is it tema Op 'e planken. Dit nûmer stiet fol mei ferskillende keunstfoarmen en sels Jelte, Morris en Jamilla dogge der dizze kear oan mei! Wat op 'e planken betsjut? Dat is in oare beneaming foar toanielspyljen op in poadium (foarhinne in ferheging fan houten planken).

Fryslân hat in grut ferskaat oan bekende en minder bekende artysten. Der docht yn Fryslân in soad jongerein mei oan iepenloftspullen en teäterfoarstellingen, sa ast lêze kinst yn de rubryk Keunstich. Liket it dy ek cool om op it poadium te stean? Goed oefenje en miskien wurdsto dan letter wol de nije Raynaud Ritsma (presintator en sjonger) of Theun Plantinga (akteur, regisseur, sjonger en presintator). Of miskien kinsto sjonge of in ynstrumint bespylje mar hast, lykas de jonge Mozart yn it ferhaal op side 10, noch net sa'n sin om op te treden? Sa lang ast der sels mar wille yn hast.

Kinst fansels ek in keunstner wêze dy't sels net sa yn de spotlight stiet mar wol prachtich wurk makket, sa as Jopie Huisman (fan Warkum), Maurits Cornelis Escher (fan Ljouwert) of Monique Beijer (dy't alle kearen de yllustraasjes by it koarte ferhaal fan Tsjil makket).

Wy kinne en wolle net allegear akteur, sjonger of keunstner


wurde mar ien ding is seker; elk hat in talint. En dat is mar goed ek want foardat in artyst op it poadium stiet moat der hiel wat barre. Ynrjochtsjen en skjinmeitsjen fan it teäter, kassa-meiwurker, kleanadvys, kapper, fisazjist, lûd- en ljochttechnyk, dekôrbouwer, reklamemaker, websitebouwer, iten en drinken regelje, taxisjauffeur en neam sa mar op. Allegear beroppen dy't te krijen ha mei in foarstelling.

Binne jim op skoalle wolris oan it toanielspyljen? Spesjaal foar de groepen 5-6 en 7-8 binne der hiele moaie boekjes mei toanielstikjes makke. Alle titels en mear ynformaasje kinst fine op spoar8.frl/nl/praat-mar-toaniel. As juf of master ynlogge kin yn spoar 8, steane der ûnder **projekten** ek twa **Praat mar toaniel**-boekjes om te besykjen. De rest is fia de AFUK online te bestellen yn setsjes fan fiif boekjes.

In soad lêswille en oant de oare kear!



Groetnis, Tjitske





BLOG

Us mem dy blogt.
Se blogt en blogt omraak.
Om't se sels neat belibbet,
binne wy de sjaak!

Switplakken, ekseem,
in sjenante falpartij.
Wa't ik tute yn in gekke bui.
Alles komt op de blog foarby.

'Hoe sjenanter hoe ynterressanter!'
ropt ús mem de hiele dei.
En dan it alderslimste;
elkenien lêst mei.

Mar sûnt koart bin ik flogger.
Ik filmje mem yn elke situaasje.
Rydt mem tsjin buormans auto oan?
Meitsje ik daliks in reportaasje.

Leit mem snoarkjend op in kessen?
Dan meitsje ik in prachtich shot.
Mem siik? Dat wurdt in ynterview:
'Fertel ris mem? Fielst dy no ek rot?'

'Hoe sjenanter hoe ynterressanter!'
rop ik de hiele tiid.
Us mem dy blogt net mear.
Mission complete!

Bastiaan Okkema

In lilke buorman, in ferfelende puber of in oerentûsjaste freon dy't alles graach goed dwaan wol. De 13-jierrige Bastiaan Okkema fan Goutum hat se allegear wolris spile. Hy is gek fan toanielspyljen en is krekt begûn oan de jeugdteäterskoalle.

Dêr wurdst net samar talitten. 'Do moatst audysje dwaan. Ik moast mysels foarstelle yn in filmke', fertelt Bastiaan.

Op it momint dat wy Bastiaan sprutsen, moast syn aventoer by Jeugdtheaterschool Meeuw noch begjinne. Mar oer de juniorteäterskoalle, dêr't hy twa jier op sitten hat, kin hy al wol fertelle. 'Dat is foar bern oant en mei 12 jier. Der sitte fjouwer blokken yn it jier, mei elts in oar tema. Bygelyks ymprovisaasje, beweging of tekst.'

De les begjint mei in warming-up. 'Faak spultsjes dy't mei toaniel te krijen ha.' Dêrnei begjint it echte wurk. 'Ik fyn ymprovisaasje it leukst! Dan kinst echt yn it momint betinke watst dwaan silst. Der binne gjin regels of rjochtlinen.' 'Ien fan de oefenings is datst reklame meitsje moatst foar in bepaald produkt. Dan moatst mei in groepke brainstoarmje en betinkst in stikje. Dêrnei fierst it foar de groep op. Dan krijst ek fuort feedback fan de dosint.' Oan de ein fan it blok is der in

foarstelling foar de âlden. 'Dan kinst sjen litte watst leard hast en dat yn de praktyk tapasse. Ik fyn toaniel hiel leuk en kin al myn kreativiteit deryn kwyt. Do wurkest earne nei ta mei in groep. De jeugdteäterskoalle is wat serieuzer as de juniorteäterskoalle. Moatst wol echt dyn bêst dwaan en kinst net te folle lessen misse.' Der wurdt oefene mei aktearjen, toaniel, stim, dûns en beweging. En ek tekst en muzyk. 'Do dûkst hielendal yn in tema.'

Bastiaan hellet oeral ynspiraasje wei. 'Ut dingen dy't ik op telefyzje sjoch of yn it echt. As ien op in bepaalde manier praat of reagearret, dan slach ik dat op yn myn holle. En dat brûk ik yn de les.' Bastiaan hat in grut foarbyld; 'Akteur Tom Hanks! Hy kin hiel goed en echt spylje. Hy makket hiele leuke films. Foaral Forrest Gump fyn ik moai.' Op de jeugdteäterskoalle binne der ek foarstellings. 'Meidwaan is net ferplicht, mar ast meidwaan wolst, moatst audysje dwaan.' It stik wurdt opfierd yn in teäter yn Ljouwert. Bastiaan hopet op in haadrol. 'Mar in byrol of wat oars

is ek leuk. It giet om de ûnderfining en datst dy tariedst op de echte aktearwrâld.'

Dochs lizze Bastiaan syn ambysjes net yn dy film- of teäterwrâld. 'Ik wol yngenieur, archeolooch of histoarikus wurde. Ik bin gek op skiednis! Teäter is foar no allinnich in hobby.' Mar stel, moarn giet de telefoan en Bastiaan wurdt frege om mei te spyljen yn in grutte film of foarstelling? 'Dan soe ik it sûnder twivel dwaan!'



Hoe sjocht dyn profylfoto derút? In kykje fan dy mei dyn hûntsje? In selfy dy't nei fyftjin kear klikken einlings goed wie? Wittenskippers ûntdutsen koartlyn dé formule foar in goede profylfoto. De konklúzje? Hoe simpeler de foto, hoe oantrekliker de persoan fûn wurdt. Krekt keunst... Tsjek dizze fiif tips foar it perfekte plaatsje.

De perfekte profylfoto



Net dwaan: drukke achtergrûn

Gean foar in egale achtergrûn. Yn in achtergrûn mei in soad foarmen en kleuren falst sels fuort. In drukke achtergrûn liedt de oandacht fan de haadpersoan ôf.



Net dwaan: oare minsken

Lit gjin oare minsken (of bisten) sjen yn dyn profylfoto. Dyn folgers moatte yn in milisekonde begripe om wa't it giet. Sneu foar dyn freon of suske, mar fuort dermei.



Wol dwaan: your face only

Draach nooit in sinnebril. Yt ek gjin hamburger. Ast it brein fan dyn folgers ferliede wolst, moat dyn gesicht troch neat blokkearre wurde.



Wol dwaan: strakke komposysje

Pleats dysels yn it midden fan it frame. Foto's dy't it boppeste part fan dyn lichem beslane, wurkje it bêst. Lit dyn gesicht dus sjen, mar pak ek de skouders mei. Lit de búk en de skonken mar sitte, dy meitsje de profylfoto minder sterk.

Wol dwaan: kleurkontrast

Ferheegje it kontrast tusken dy en de achtergrûn. In foto-bewurk-app is handich om hjirfoar te brûken. Meitsje de achtergrûn tsjusterder (donkerder) of ljochter. Sa aksintuearrest dysels!

Troch dizze tips liket it miskien dat alle kreativiteit út de foto wei moat, mar dat is net hielendal de bedoeling. In 'saaklike' foto mei in wite achtergrûn wurket nammentlik ek net. In kreative foto mei dus wol, mar tink om de tips. It byld hoecht net saai te wêzen, as der mar net tefolle dingen of kleuren binne dy't ôfliede. Sukkes!

De Gouden Gurbes



Sûnt 2007 is der in priis foar de iepenloftspullen yn Fryslân: de Gouden Gurbe. De priis foar dizze bûtendoar-foarstellingen wurdt elk jier organisearre troch de Ljouwerter Krante. Dit jier hat de sjuery 18 iepenloftspullen beoardiele. De namme Gurbe komt fan it boerke dat yn 'e krante kommentaar leveret op it nijs.

Miskien hast op side 5 al lêzen hoe entûsjast Bastiaan is oer de junior-teäterskoalle foar bern oant en mei 12 jier. Dat teäter meitsje net allinnich foar 'grutte minsken' is, foel ek de sjuery fan de Gouden Gurbes dit jier op. It nivo fan it jongereinteäter yn Fryslân is heech. De grutte winner fan de Gouden Gurbes 2022 is it jongereinteäter Masquerade út Aldwâld en omkriten.

Mei it stik Peer Gynt hawwe sy twa prizen wûn; foar bêste iepenloftspul en foar Lucas van Dijk (17) as bêste haadrolspiler. Ast op de webside fan Masquerade sjochst, komst

derachter dat ek Rowan Veltman fan Garyp meispile yn Peer Gynt. Rowan kenst miskien wol fan as winner fan SjONG 2021 en syn dielname oan Holland's Got Talent dêr't hy mei de

gouden buzzer yn ien kear troch koe nei de heale finale.

Mayte Veenstra (16) fan Iepenloftspul Jorwert wûn de priis foar bêste byrol yn De Jacht. De sjuery fan de Gouden Gurbes fynt dat se ta is oan in haadrol.



Sêne út 'Peer Gynt' troch Masquerade Theater/

By de Gouden Gurbes is it tradysje dat it publyk stimme mei op syn favoryt. Dat koe in pear jier online mar dêr fûn it publyk neat oan. Dêrom dogge se it no wer mei 'âlderwetske' stimbryfkes. Der moasten dit jier sa'n 17.000 bryfkes teld wurde! De publykspriis gie nei it Berne-iepenloftspul Easterwierrum mei it stik Troch de Raarderbosk.

Toi Toi Toi

As it no om in toanielstik, in foardracht fan in gedicht of in muzikaal optreden giet, je wolle graach dat it goed slagget. Dan kinst de artyst dus fan tefoaren sukses winskje. Mar teäterminskens binne soms in nuver folkje. Yn stee fan inoar gewoan sukses te winskjen foar in foarstelling winskje se inoar de gekste dingen ta. Hoe sit dat presys? Yn dizze Tsjilpost lêst der mear oer.

Ofklopje

Miskien hast it wolris heard, sjoen of dien; ast net wolst dat dy wat slims barre sil, kinst it ôfklopje. Troch út te sprekken wat der net ferkeard gean moat en dan trije kear mei dyn hân op hout te klopjen soest ûngelok foarkomme kinne.

Toi-toi-toi

As minsken inoar sukses winskje wolle foar in foarstelling, sizze se net sukses of set 'm op, want dat soe ûngelok bringe. Se roppe inoar *toi-toi-toi* ta; it lûd dat it klopjen op hout makket. Dêrmei winskje se inoar ta dat der gjin gekke dingen barre. *Toi-toi-toi* komt út it Jiddysk, de taal dy't troch sa'n trije miljoen Joadske minsken oer de hiele wrâld sprutsen wurdt. *Toi-toi-toi* betsjut yn dy taal sukses, sterkte of op goed gelok. Ek bûten de toanielwrâld wurdt de útspraak wol brûkt.

Dútslân

Yn Dútslân sizze se gjin *toi-toi-toi* mar winskje se inoar sukses troch Hals- und Beinbruch te sizzen. Se winskje inoar dus

eins in brutsen nekke en skonk (been) ta! Troch inoar sokke dingen te winskjen, sil it just net barre en sil de foarstelling goed ferrinne. Om dyselde reden sizze de minsken yn Ingelân *break a leg*.

Oare teoryen

Der wurdt ek wol tocht dat *break a leg* komt fan it applaus nei de foarstelling. De akteurs steane dan op in rige op it poadium. Om dit stive byld te ferbrekken, sette se de iene foet foar de oare, geane se troch de knibbels en meitsje dan in bûging. As in applaus lang duorret, meie de akteurs meardere kearen in bûging meitsje. Wa wit hat in akteur werklik wolris een skonk brutsen by in hiel lang applaus. It is trouwens wol echt bard dat de akteur David Garrick sa opgie yn syn rol yn in stik fan Shakespeare, dat hy net yn 'e gaten hie dat er wat brutsen hie.

Yn 'e tiid fan de Griken waard der oan it ein fan in foarstelling net klapt mar stampte it publyk mei de fuotten op 'e grûn. Kinst dy foarstelle dat in taskôger (toeschouwer) wolris in skonk brutsen

hat as dizze foarm fan applaus hiel lang duorre? Of miskien komt 'break a leg' út de tiid fan keninginne Elizabeth I (1558 oant 1603) fan Ingelân. Doe stampte it publyk, by wize fan applaus, mei de stuollen op 'e grûn. Dan bruts der wolris in stoelpoat. Om wat foar skonk, foet of poat it ek giet, it is dúdlik dat it allegear mei sukses te meitsjen hat.

Frankryk

Yn Frankryk giet it ek mâl. Dêr winskje de akteurs en muzikanten inoar *merde* ta, dat stront betsjut. De oarsprong fan dizze frjemde gewoante leit yn Paris. Yn de 19e iuw kamen de rike minsken nei it Paris opéra Ballet. De minsken kamen doe fansels net yn 'e auto of op 'e fyts. Nee, se waarden brocht en helle mei in sierlike koets. De hynders dy't de koetsen lutsen lieten hynstefigen achter op strjitte. Hoe mear publyk der op in foarstelling ôfkaam, hoe mear 'shit' der op strjitte lei. As artysten inoar dus merde winskje, hoopje se dat der in soad publyk komt.

Fragen foar it lêzen

- 1** Kinsto, oan 'e hân fan de titel en de plaatsjes, foarsizze (voorspellen) wêr't dizze Tsjilpost oer giet?

- 2** Hasto wolris heart dat ien toi-toi-toi sei?

☐ Nee

☐ Ja, (fertel of skriuw der koart wat oer)

Fragen nei it lêzen

- 3** Yn dizze Tsjilpost steane grif wurden dy'tsto noait of net sa faak brûkst. Set mei in pinne of stift in streepke ûnder trije drege (moeilijke) wurden en besykje der achter te kommen wat se betsjutte.

Ast der yn 'e klasse net útkomst, brûk dan www.frysker.nl of www.oersethelp.nl.

Myn trije wurden binne:

1

2

3

- 4** Asto de skriuwer wiest fan dizze Tsjilpost, watfoar titel hiesto der dan boppe set?

- 5** Wat winskje artysten yn Frankryk inoar ta foar in foarstelling?

- 6** Stel: do bist nije wike by in foarstelling en do sjochst de artyst fan tefoaren. Wat silst dan tsjin him of har sizze?

- A. Toi-toi-toi
B. Break a leg
C. Merde

D. Wat oars, nammentlik:



De Haach, 1766

'Wolfke, hingje net sa stom oer dy stoel. Pas op dyn satinen jaske, ik haw it krekt strutsen,' sei Nannerl string. Wolf wie fiif jier jonger as syn suske, mar koe min oer har bazichheid. Wa tocht se dat se wie? Syn mem soms? 'Noch efkes,' sei er. 'Ik haw gjin sin. Ik haw toarst. Ik kin net optrede mei in drûge mûle.' Nannerl wiisde nei it skellekoard. 'De prins fan Oranje hat sein dat wy bestelle mochten wat wy woene. Lûk mar oan dat lint, dan komt der wol in betsjinner. Rêdst dy wol efkes? Ik moat my noch ferklaaie. Oer in kertier moatst op.' 'Ik wol net,' prottele Wolf dwers. 'Wol sit op

't skiep,' sei syn suske út de hichte. 'Witst wat de prins betelle hat foar dit konsert? Dêr kin ús hiele húshâlding trije moannen fan libje. Moatst dyn bêst dwaan.' Wolf draaide mei de eagen en stuts syn tonge út tsjin Nannerl har rêch.

Doe't se fuort wie, klom er stadich oerein om oan it lint te lûken. Hast daalk gong in doarke yn de muorre iepen. Wolf skrok der suver fan, want op it doarke siet itselde behang as op de wand deromhinne. In ûnsichtber doarke. In geheim doarke. Wauw!, tocht er. Mar noch frjemder wie de

betsjinner dy't der yn kaam. Wolf syn mûle foel iepen. It wie in jonkje fan syn leeftyd, mar syn hûd wie hiel donkerbrún. Syn hannen ek. Hy hie in readblau pakje oan mei gouden rânen. Op syn holle stie in mûtse mei strúsfearren. Read, wyt, blau. De kleuren fan it Steedhâlderlik Hôf. De jonge hie in sulveren blêd ûnder de earm, en bûgde djip.

'Bitte, darf ich ein Glas Buttermilch haben?' frege Wolf. De oare jonge seach him ûngelokkich oan en skodholle dat er it net begriep. O ja, tocht Wolf. Wy binne yn Nederlân, dêr prate sy gjin Dútsk sa as ik, mar wat dan wol? 'Désolé, tu dis quoi?' sei de jonge mei in sêfte stim, de eagen beskieden delslein. Frânsk fansels, tocht Wolf. Dy hiele Europeeske rike klyk praat Frânsk, dat is ek sa. No, dat koe er ek wol. Jo wiene in wûnderbern of net. 'Puis-je avoir un verre de babeurre, s'il vous plaît?' frege er. Ferlichte knikte de jonge. 'Bien sûr, monsieur, tout de suite,' sei er. Hy woe it ûnsichtbere doarke al wer ynrinne, mar Wolf hold him tsjin.

'Quel et ton nom?' frege er. Wat skichtich seach de jonge nei de haaddoar. 'Ik mei net mei de gasten prate, menear,' sei er yn it Frânsk. 'Behalve as dat moat fan de gast, dochs?' sei Wolf. 'Hoe hjitst?' 'Cupido, menear,' sei de donkere jonge. 'Hoi Cupido, ik bin Wolf,' sei Wolf. 'Wêrom hasto sa'n aparte kleur?' Troch dy ûnbeskofte fraach moast de jonge fan de weromstuit laitsje. 'Ik kom út Afrika, menear, dêr is dy kleur hiel gewoan. Ik bin berne oan de kust fan Guinea.' 'Hoe komst hjir dan?' 'Ik wie in kadootsje, menear. Ik bin kado jûn troch in man dy't Huydecoper



It geheime doarke

hjit, oan de prins fan Oranje.' 'Kinst minsken kado jaan, dan?' Cupido seach ûngelokkich. 'Ik tink it, menear. Want it is bard. Ik bin gewoan fan ús heit en mem ôfpakt. En no wurkje ik hjir. Ik haw it op himsels net min, menear. Ik krij sels betelle foar myn wurk. Mar der is ien ding...' 'Wat?' sei Wolf mei de holle skean. 'Myn pak, menear. It jokket as sieten der hûnderttûzen flieën yn. It is fan wol en fierstente waarm.' 'En dy stomme mûtse mei dy fearren grif ek?' sei Wolf. 'Ferskriklik, menear,' sei Cupido. 'Jong, ik wit der alles fan,' sei Wolf. 'As ik spylje moat, moat ik ek altyd stomme pakken oan, fan side, mei rûsels om de mouwen, en dizze idioate prúk...' Hy wiisde nei syn holle. 'Dy stjonkt troch it poeier dat Nannerl der op spuitet om him moai wyt te meitsjen. Ik wol hjir eins ek hielendal net wêze, mar it moat fan ús heit. Wachtsje ris...Hee, Cupido, ik krij in idee.' 'Wat menear?'

'Bist wolris ûndogens? Ikke wol. Hiel faak. Ik bin der hiel goed yn. Mar ik krij eins noait straf, want ik fertsjinje tefolle jild foar ús heit en mem. Sy wolle net dat ik it folslein yn 'e kant set. Mar witst wat ik betocht? As do en ik no ris troch dat geheime doarke ferdwine?' 'Ferdwine?' 'Wy smeare him

fan 'e middei. Fuort. Foetsy! Witst net in plakje dêr't wy ús ferskûlje kinne? Dêr't net ien ús fynt?' Cupido wie der suver in bytsje mei oan. 'No...eh... achtern de tún stiet in leech bargehok, want de bargaen rinne bûten,' sei er. 'Mar as ik myn plicht net doch, kom ik swier yn de problemen, menear.' 'Ei nee, juh, ik nim alle skuld op my. Ik sis wol dat ik dy twongen haw. Kinne wy earst in kanne sûpe oppikke yn 'e keuken? Ik ferhip echt fan de toarst.' Wolf gniisde der sa oansteklik by, dat Cupido it ek net litte koe om te laitsjen. 'Wis wol. En ek wol in blik koekjes, menear.' 'Magnifique!' rôp Wolf.

De konsertseal fan it Steedhâlderlik Hôf siet fol rike manlju en froulju fan adel. Op de earste rige, nêst de erfsteedhâlder, seach heit Leopold Mozart brimstich om him hinne. 'Wêr hinget dy smoarge jonge út?' biet er syn dochter ta. Nannerl wist it ek net. 'Sykje him. Gau!' snaude har heit. 'Hast ien minút!' Nannerl fleach fuort. Heit Leopold wachte noch efkes, mar doe't de klok nêst de doar trije sloech, moast er wat dwaan. Hy

kaam oerein en rûn mei stive stapkes nei it klavesimbel foaroan yn de seal. Hy eage de tichte rigen publyk oer. 'Sire, chers dames et messieurs,' sei er. 'Tankewol dat jo hjir binne om nei de muzyk fan my soan te harkjen. Noch mar njoggen jier is er, mar hy kin de dreechste konserten en solo's fan de ferneamde masters út de holle spylje. Hy komponearret sels al sûnt er fiif is.' Leopold prate mar troch, mei in skean each op de iepen doar. Tiidrekke, tocht er. Tiidrekke.

Mar al wa't ferskynde dy middeis, net Wolfgang Amadeus Mozart. Dy siet him yn it bargehok fol te proppen mei koekjes, en hie de grutste wille mei syn nije freon Cupido.



NEI IT LÊZEN

Yn welk lân is Cupido berne?

- ☐ Ghana
- ☐ Guinea
- ☐ Gambia

2. Wêr moast Wolf spylje?
Yn de

fan it

3. Wolfgang Amadeus Mozart hat echt bestien. Sykje op ynternet (bygelyks op wikikids) nei syn namme. Is hy fierder gien yn de muzyk of hat hy in oar berop keazen?

TSJILLE FRAGEN OAN RAYNAUD



Wie it pittich? De earste Tsjil Tsjeckt? Of hawwe wy it jim fierstente maklik makke? De twadde Tsjil Tsjeckt stiet fanôf 7 novimber foar jim klear en diskear in ûnderwerp dat hiel goed by Raynaud past. Nammentlik: op 'e planken stean!

1 Efkes weromsjen. Hoe hat elkenien de earste Tsjil Tsjeckt dien?



Machtich geweldich goed! Ik tocht, dat wurdt wol efkes wennen, mar nee hear we hawwe echt hiele tûke bern hjir yn Fryslân wenjen. We knalle der ek fuortendaliks mar wer yn mei de twadde Tsjil Tsjeckt. Dy giet, lyk as dizze Tsjil, oer it op 'e planken stean. Oftewol kultuer, teäter, in ferhaal fertelle en wat troch oare eagen sjen.'



2 Do stiest sels ek wolris 'op 'e planken'. Wêrom is dat sa leuk?




'Kloppet. Ik spylje yn in band en fyn it prachtich om minsken bliid te meitsjen mei muzyk. Dizze twadde Tsjil Tsjeckt begjint mei SjONG junior, in programma dat ik presintearje mocht dit jier. It giet oer muzykmeitsjen én it skriuwen fan in tekst. Mei dy tekst fertelle de dielnimmers in ferhaal, mar dan op muzyk. De winner fan SjONG junior 2022 wûn mei it nûmer Fake! (Ingelsk útsprutsen). Yn Tsjil Tsjeckt komme dêr in pear fragen oer, dus ik soe dy útstjoering mar ris besjen!'

3

Wat sit der noch mear yn de earste Tsjil Tsjekt?

'Yn Pleinpraat giet it ek oer SjONG junior en it nûmer Fake!, mar ek oer it meitsjen fan promoasje en hoe'tst minsken berikst mei dyn ferhaal. We hawwe nammentlik in doel: it



nûmer Fake! dit jier yn de Fryske top 100 krije! Helpst ek mei? Dat kin troch dyn stim út te bringen fia www.fryske100.nl. Dwaan hear, want do wolst dochs ek tsjille nûmers yn de Fryske top 100!'

4

Wat siket Laura diskear út yn Tsjil International?

'Goede fraach, dat is nammentlik hiel ynteressant! Hast elts lân hat wol in folksheld. Hjir yn Fryslân hawwe wy Grutte Pier. Grutte Pier stiet bekend as in belangrike histoaryske figuer yn de Fryske skiednis.

Yn Tsjil International hat Laura kontakt mei Bauke yn Albanië. Want hoe sit dat yn Albanië? Ik haw heard dat se yn Albanië de folksheld 'Skanderbeg' hawwe. Mar hoe't dat krekt sit, dan fertelle se dy sels!



5

Binne der ek wer bonuspunten te fertsjinjen?


'Jawis! Diskear lizze we jim in pittige stelling foar.

De stelling hat te krijen mei in finzenisstraf. Lekker spannend...



Folgje Tsjil fia TikTok, Instagram en YouTube én skriuw jim skoalle yn foar Tsjil Tsjekt!

Tsjek it out



Ast op it poadium stiest, skine der felle lampen op dy. Dat dogge de technyske minsken fan it teäter sadat it publyk dy goed sjen kin. Mei led-lampen kinne der hiel ienfâldich in soad kleuren brûkt wurde mar dat wie yn it ferline net sa maklik. Doe brûkten de ljochtspesjalisten kleurde foly's foar de lampe. Hoe siet dat ek alwer mei it mingen fan kleuren? Yn dizze Tsjek it out komst der sels achter!

Wat hast nedich?

- 3 lampen (spots of bûslampen wurkje goed)
- Ferskillende kleuren foly/cellofaan (yn elts gefal read, blau en giel)
(Tip: freegje de juf of master fan groep 1-2, grutte kâns dat jim dit wol op skoalle hawwe)
- In grut fel wyt papier (as poadium)
- In foarwerp dat stean bliuwt (as artyst)
- Eventueel in skjirre en plakbân of elastykje



Lis it wite fel papier op 'e grûn of in tafel. Set it foarwerp yn it midden, lykas in artyst op it poadium. It foarwerp kin fanalles wêze, bygelyks in popke, in boek of in leech húske rôlstje (wc-rolletje).

Trije bern bern skine allegear fan ien kant op it foarwerp. As it goed is, sjochst no moaie foarmen fan skaad ûntstean. Undersykje no hoe'tst troch it brûken fan de foly's foar de lampen oare kleuren op it poadium krijst. Do kinst de foly foar de lampe hâlde mar kinst ek in stik foly útknippe en oan 'e sydkant fan 'e lampe fêstmeitsje mei plakbân of in ilestykje.

Wat foar kleur krijst ast blau en giel brûkst?

Wat foar kleur krijst ast giel en read brûkst?

Wat foar kleur krijst ast read en blau brûkst?



Oer de grins

Dizze kear yn oer de grins komme we yn 'e kunde mei in Fries dy't fier oer de grins namme makke hat. De keunstner Escher is wrâldferneamd (wereldberoemd) wurden troch syn gravueren.

Op dy gravueren is faak in wiskundich patroan te sjen. Dy patroanen, sirkels, fjouwerkanten of weagen (golven), feroarje by Escher hiel keunstich yn fisken, fûgels en oare figueren.

Namme: Maurits Cornelis Escher
Berne op: 17 juny 1898 yn Ljouwert
Berop: Grafikus/keunstner

In stikje skiednis

Maurits Cornelis Escher waard op 17 juny 1898 yn Ljouwert berne.

Yn 1903 ferhuze de famylje nei Arnhem.

Maurits gie net graach nei skoalle.

Dat kaam miskien omdat hy linkshandich wie.

De juf op skoalle woe dat hy syn rjochterhân brûkte om te skriuwen en te wurkjen.

Thús brûkte hy altyd syn linkerhân.

Mei dy hân koe hy, as bern al, de moaiste tekeningen meitsje.

Tekenles

Nei in pear jier hbs (no it vwo) kaam Escher op in skoalle foar boukunde.



Miskien koe hy wol arsjitekt wurde.

Op dy skoalle krige hy foar it earst echt tekenles.

Syn learaar hjitte Samuel Jessurun de Mesquita.

Dy seach as earste it grutte talint fan Escher.

De Mesquita learde Escher it fak fan grafikus.



M.C. Escher

Gravueren

In grafikus makket gravueren.

Gravueren binne tekeningen op hout of stien.

Dy tekeningen wurde letter útsnien.

Troch it útsnijen wurdt de tekening in stimpel.

Escher waard geweldich goed yn de technyk fan it houtsnijen.

Troch it blok by it ôfdrukken te draaien

makke hy fan syn ôfbyldingen prachtige komposysjes.

Oarder

Omdat Escher nocht hie oan oarder (regelmaat)

kinst yn syn wurk fan alles sjen.

Fûgels wurde fisken, dei wurdt nacht,

treppen rinne alle kanten út en wetter streamt soms samar nei boppen.

Escher wie ek gek op spegels.

Spegels litte de wrâld krekt eefkes oars sjen, fûn hy.

Tentoanstelling


Yn 2018 wie der in grutte tentoanstelling fan Escher syn

wurk yn it Fries Museum. Oant it ein fan dit jier kinst ek yn

it bertehûs fan Escher, oan 'e Grote Kerkstraat yn Ljouwert,

de Escher-kelder besykje. Wêr't no it measte fan syn wurk

hinget? Dat kinst lêze op side 17.



Tsjek dit!

Tentoanstelling Vrijheid, Vetes, Vagevuur yn 't Fries Museum

Vrijheid, vetes en vagevuur is de nijste tentoanstelling fan it Fries Museum yn Ljouwert. It giet oer Fryslân yn de twadde helte fan 'e midsiuwen (tusken 1067 en 1567), dat doe út in folle grutter gebiet bestie as de hjoeddeistige provinsje Fryslân. De tentoanstelling kinst sjen as in ferfolch op Wij Vikingen (2019).



Bysûnder swurd

Op in âld Frysk swurd ha se by de restauraasje hjirfan bysûndere tekens ûntdekt. Der steane ûnder oaren trije rûntsjes – OOO – op. Neffens skiedkundigen steane dy trije rûntsjes foar: God (heit), Jezus (soan) en de Hillige Geast. It swurd is nei alle gedachten makke tusken 1200 en 1400. It aardige is dat dit swurd te sjen is yn de tentoanstelling *Vrijheid, Vetes, Vagevuur* yn 't Fries Museum.



Visit Fryslân



Wolst witte wa't der yn ús provinsje de kommende tiid 'op 'e planken' stean? Sykje dan mar ris op visit Fryslân. In hiel handige webside oer wat der te belibjen falt yn Fryslân. Under it kopke eveneminten fynst de aginda foar de kommende tiid.




Keunststikje: midsiuwske katapult

Learlingen en dosinten fan skoalle ROC De Friese Poort yn Snits hawwe in midsiuwske katapult makke foar it Fries Museum yn Ljouwert. It is in jûkel fan in katapult en hy is makke foar de tentoanstelling *Vrijheid, Vetes, Vagevuur*. De katapult hjit eins in 'slingerblijde'. Yn de âldheid en midsiuwen waard it brûkt by belegerings fan stêden of militêre kampen. En ast sa'n geweldig apparaat neimakkest, moastst dat ek eefkes útprobearje. Dat ha se dien by 't wetter by restaurant De Grote Wielen by Ljouwert. It filmke moastst net misse!



Ynternasjonaal ferneamd keunstner: Escher

Maurits Cornelis Escher wie in keunstner dyt berne yn 1898 berne is yn de Grote Kerkstraat yn Ljouwert. Miskien hast sels wolris yn syn bertehûs west want tsjintwurdich is dat keramyk museum Prinsessehof. Yn in soad fan Escher syn keunstwurken makke hy ûnmooglike konstruksjes. Fernuverje dy mar ris oer it plaatsje hjirboppe. Escher is yn 1972 ferstoarn mar is noch hieltyd in wrâldferneamd (wereldberoemde) keunstner. Op ferskillende plakken is wurk fan Escher te sjen. Yn De Haach is sels in spesjaal Eschermuseum; Escher in Het Paleis.



Nyck de Vries by de Formule 1

Nyck de Vries (berne yn Twellingea, tichtby Snits) hat dit jier op 10 septimber syn debút yn de Formule 1 makke. Op it sirkwy fan Monza (Italië) helle Nyck it njoggende plak en fertsjinne hy ek noch ris twa WK-punten foar it Williams racingteam. Alle minsken optein en Nyck wie út de skroeven. Dat smakke nei mear! In wike letter krige Nyck in ynfalplakje by AlphaTauri, it suster-team fan Red Bull Racing. Nyck hat sjen litten dat hy by de beste coureurs fan de wrâld heart en hat by AlphaTauri no 'in stuoltsje' foar takom jier fertsjinne. We sille dus grif mear fan him hearre.

Buurman en Buurman yn 't Frysk: Gurbe en Piebe

Jimme kenne grif Buurman en Buurman. Dizze animaasje-searje komt eins út Tsjecho-Slowakije (tsjintwurdich de lânen Tsjechië en Slowakije). De earste ôflevering wie fan 1976. Dêr wiene de nammen fan de beide buormannen: Pat & Mat. Yn Nederlân is Buurman en Buurman útstjoerd sûnt 1984. Der is no



ek in Fryske fariant: Gurbe en Piebe. Yn maaie wûn Emiel Stoffers fan de muzykgroep De Hûnekop 15.000 euro mei de aksje Stimfanfryslan.frl. Dat jild mocht er brûke om Buurman en buurman yn 't Frysk út te bringen.



It grutste (amfi)teäter



Hiel lang wie it Colosseum yn de stêd Rome it grutste (amfi)teäter fan 'e wrâld. It teäter is fan it jier 80 nei Kristus. It hat in omfang fan 527 meter en wie 48,50 meter heech. Der wie plak foar mear as 50.000 minsken. It bouprojekt is begûn yn it jier 72 en waard betelle mei de opbringst fan de plondering fan Jerusalam yn it jier 70. Dit echte namme wie eins Amphitheatrum Flavium. De lêst bekende foarstelling wie in it jier 526. Tsjintwurdich is it in belangryk monumint en kinst it besjen. It liket allegearre fantastysk, mar betink dat der nei skatting sa'n 300.000 oant 500.000 minsken deagongen binne yn allerhanne spektakels en foarstellings yn dit teäter.



Rôffûgels

Mûzefalk

Rôffûgels binne fûgels dy't oerdei op har iten jeie. Se ite fleis dat se op 'e grûn, yn 'e loft of yn it wetter fange. De bekendste Fryske rôffûgels binne de reade wikel (*torenvalk*), de hauk (*havik*), de sparwer (*sperwer*), de mûzefalk (*buizerd*) en de brune en de blauwe hoanskrobber (*de bruine en blauwe kiekendief*). De lêste jierren is dêr de see-earn (*zee-arend*) by kaam. Sûnt in pear jier briede der wer fan dy grutte fûgels yn Fryslân. Yn de Alde Feannen by Earnewâld en by Koudum wie dit jier in nêst.

Rôffûgels wenje op ferskillende plakken. De reade wikel sjochst oeral, de hauk en de sparwer wenje yn 'e bosk, de mûzefalk wennet yn 'e polder en de hoanskrobber en de see-earn wenje yn moerasgebieten. Hast alle soarten meitsje in nêst heech yn 'e beam. Allinne de hoanskrobber bout syn nêst op 'e grûn yn in reidfjild.

Ulen hearre net by de rôffûgels. Ulen foarmje in eigen groep. Se jeie nachts, hawwe oare poaten, oare fearren en in oare snaffel.

Der binne op 'e wrâld mear as 500 soarten rôffûgels. De measte soarten libje solitêr. Dat betsjut dat se net yn groepen libje, mar allinne of tegearre. Rôffûgels stean bekend om har skerpe sicht (goede eagen), de skerpe klauwen en de kromme snaffel. Se kinne goed yn 'e loft sweve en, as it moat, hiel hurd fleane.



Hoanskrobber



Sparwer



Reade wikel

Sudoku

1		2						7
3		4		9	5			8
			1		7	9	3	
9		8				1	6	
4		6		5	3	2		
	3		9	1			5	
					2		9	6
	2	3	4		9	7		
5		9	6			3		4

Hynstesprong

De hynstesprong komt út 'e skaaksport. Dêr mei it hynder twa foarút en dêrnei ien nei links of rjochts springe. Yn dizze puzel stiet dit jier de namme fan in berop. In berop mei njoggen letters. De namme fan it berop begjint

A	F	S
U	R	U
F	J	E

mei de reade letter. De lêste letter stiet yn it middelste fekje. Mei de hynstesprong kinst de oplossing fine. Mail de oplossing nei tsjil@cedin.nl



Trochstreekpuzel

Yn dizze Tsjil stiet keunst sintraal. Dêrom in puzel mei wurden dy't mei keunst te krijen ha. De letters dy't oerbliuwe foarmje ek wer in wurd út 'e keunst. Skriuw dit wurd yn in e-mail en stjoer dat foar 15 novimber nei tsjil@cedin.nl. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailsje.

A	N	I	M	A	A	S	J	E	M	O	Z	A	Y	K
Y	T	I	F	F	A	R	G	K	Y	M	A	R	E	K
S	S	K	U	L	P	T	U	E	R	A	G	L	Ê	S
K	W	P	O	T	L	E	A	D	O	B	J	E	K	T
I	E	L	E	I	N	A	O	T	M	A	R	M	E	R
L	T	K	P	D	S	T	I	F	T	N	E	I	T	S
D	T	G	R	Ê	W	K	A	R	B	K	O	P	E	R
E	E	N	I	L	P	Y	T	E	Y	T	E	K	N	I
R	R	I	N	B	I	Z	H	Z	L	R	D	O	E	K
I	J	F	N	T	S	N	U	C	I	D	G	I	P	S
T	E	E	O	T	S	M	I	T	E	L	K	L	E	I
Y	R	K	T	R	I	E	D	U	Z	R	O	M	A	N
R	V	E	O	I	E	T	E	O	E	R	Ô	K	E	D
K	E	T	F	P	L	S	G	H	L	T	E	K	S	T

Animaasje
Blêd
Byld
Dekôr
Doek
Ets
Ezel
Foto
Gedicht
Gips
Glês
Graffity
Hout

Inket
Izer
Keramyk
Klei
Koper
Kryt
Marmer
Mozayk
Muzyk
Objekt
Pinsiel
Potlead

Print
Roman
Skilderij
Skulptuer
Stien
Stift
Strip
Tekening
Tekst
Toaniel
Wetterferve

SUKSES

De priiswinner fan de lêste puzels is :

De priiswinner fan de lêste puzel is: groep 7-8 fan juf Maartje fan O.D.S. de Finneblom út Boarnburgum.

De oplossing fan de trochstreekpuzel wie **Sebra** en út de hynstesprong kaam **professor**.

Jelte Morris & Jamilla

troch Peter Moorman

ÚT DE KEUNST

